



Hasto efkes foar my?

(Heb je even voor mij?)

Klucht yn twa bedriuwen

troch

HANS PIJPERS

Fryske oersetting

Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HASTO EFKES FOAR MY? – HEB JE EVEN VOOR MIJ** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HANS PIJPERS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2007 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bgcht ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Truus van der Woude

Willem van der Woude

Cees Bergsma

Clara Tolsma

GASTEN:

Joyce Bender

Belle Mannes

Kees de Bie

Willy Pottr

Besoarger(ster)

Stim(men)

DEKOR:

Sjoch efteryn boekje.

Plak fan hanneling: trije wenkeamers fan trije flats. Cees Bergsma is húsmaster en frijgesel. Wennet in flat 2. De hear en mefrou van der Woude binne "âldsje" en wenje yn flat 1. Frou van der Woude is, sa no en dan, wurkster by Cees Bergsma. Van der Woude is in goede man, mar wat "simpel". Clara Tolsma, is in eksintrike kakmadam. Wennet yn flat 3.

Noat: Clara, Joyce, Belle en Willie spylje no presys it tsjinoerstellde personaazje, fan wat sy aansens dwaan sille.)

(Ijocht oan yn keamer 2)

(wy sjogge Clara yn har moarnsjas in nûmer yntoetsen op har telefoan. Se is sân moanne swanger)

(Ijocht oan yn keamer 1)

Willem en Truus van der Woude sitte, as twa skeane boekesteunen, mei de hollen tsjin elkoar, te sliepen op 'e bank. Truus hat in boek op har skutte lizzen. Dit boek bliuwt it hiele stik op 'e bank lizzen. Neist Truus, op in bysettaffeltsje, út de seal wei sjoen, lofts, stiet in telefoan, dy't oergiet. As se rjochting telefoan giet, skoot Willem mei, as in omfallende boekesteun, siket steun yn it luchtlege, mar fynt dy net.

Truus: *(sy nimt de telefoan sliepdronken op)* Goejûn...

Clara: Goemoarn mem, mei Clara.

Truus: Goemiddei...

Clara: Is âlf oere goed?

Truus: Ik tink it wol, ja...

Clara: Ik moat noch efkes stofsûgje en dan komme wy. Oke?

Truus: Ik tink it wol, ja...

Clara: Hat de húsmaster noch by de goatstien west?

Truus: Ik tink it wol, ja...

Clara: Oke dan. Oant aansens, mem. Doei...

Truus: Ik tink it wol, ja... *(leit de hoarn del. Beide komme wer yn de âlde posysje as boekesteunen tsjin elkoar en sliepe fierder)*

(Ijocht út yn keamer 2, Ijocht oan yn keamer 3)

Joyce, yn badjas en sân moanne swanger, bellet lykas Clara. Herhelling fan it opnimmen fan de telefoan yn sliepdronken tastân yn keamer 1.

Truus: Goejûn...
Joyce: Goemoarn, memke, mei Joyce. Alles goed?
Truus: Alles goed, ja...
Joyce: Helje ik dy út 'e sliep?
Truus: Alles goed, ja...
Joyce: Is âlf oere goed?
Truus: Alles goed, ja...
Joyce: En junior komt útfanhûs, hé? Wist noch?
Truus: Alles goed, ja...
Joyce: En Clara komt ek noch efkes dach sizzen. Moarn giet se nei de Kanaryske Eilannen. Op fakânsje. Of ha ik dy dat al ferteld?
Truus: Is goed, ja...
Joyce: Oke. Oant aansens... *(Truus leit de hoarn del en beide sliepe yn âlde posysje fierder. Joyce leit de hoarn del en giet ôf nei de keuken. Belle, ek sân moanne swanger, komt op fanút de badkeamer. Ropt)*
Belle: Joyce, hasto mem belle?
Joyce: *(holle om 'e hoeke fan de keukensdoar)* Ja, ja. Ik ha âlf oere sein. Rêdst dat?
Belle: Ik tink it wol...
Joyce: Moaisa...

(Ijocht út yn keamer 3, Ijocht oan yn keamer 2)

Willie bellet syn mem. Hy stiet op twa krukken, mei ien skonk fan 'e grûn. De telefoan giet wer by Truus. Alles herhellet him sa as earder oanjûn.

Truus: Goemiddei...
Willie: Halo, mem, mei Willie... Alles goed?
Truus: Ja...
Willie: De gebrûklike tiid?
Truus: Ja...
Willie: Wat bist koart... Sliepst noch?
Truus: Ja...
Willie: No, oant aansens dan...
Truus: Ja...

(blackout)

MUZYK

EARSTE BEDRIUW

Willem en Truus van der Woude sitte oan 'e tafel. Foar Truus stiet op 'e tafel in iterspanne mei in steapel crackers, in bakje tee en de teepot op in waksineljochtsje. Willem hat ek tee, in aaike, sâlt en sûker. Hy krantlêst en sy is oant puzzeljen. Se kriget it publyk yn 'e gaten en is ferheard...

Truus: (*flústertoan*) Heit?

Willem: Ja?

Truus: Wy ha folk oer de flier...

Willem: In soad?

Truus: Hartstikke...

Willem: Dan sjoch ik net...

Truus: Sil ik ús dan efkes...?

Willem: Ik doch it yn elts gefal net...

Truus: (*tsjin it publyk*) Goejûn. Ha jo efkes foar my? Ik sil ús efkes bekend meitsje, ik bin Truus van der Woude. En dy man dêr, dat is Willem. Wy binne al hiel lang troud, Willem en ik, lokkich...De bern binne allegearre de doar út, dat wy binne no wer mei ús twaen. Ik ha it altyd waarm. Hoe dat kin wit ik net. En Willem hat it altyd kâld. Hoe dat kin wit ik ek net. En mar grine... Kin de ferwaarming net wat heger, Mem? En dan sis ik echt gjin ja, want dan krij ik it wer fierstente waarm. Dus sis ik altyd, nee heit, it is hjir waarm genôch. Wy sizze altyd heit en mem tsjin elkoar. Dat binne wy no ien kear sa wend. Dat seine wy ek altyd tsjin ús âlden, dat sadwaande. We hawwe elkoar moete op in feestje. Ik koe net dûnsje... en Willem ek net. Dan ha je elkoar samar fûn, is 't net sa? Wy hawwe it wol besocht... it dûnsjen. Mar it wie neat, dat ik sei: Kom op, wy geane nei hûs, sei ik. Sa binne wy oan elkoar plakken bleaun, sis mar, no?... Hy is wol leaf, hear. Ik krij eltse moarn in tút en jûns ien as wy sliepen gear. En dat oare, wit ik net mear hoe dat giet... twa tuten, bedoel ik, of mear... Destiids krige ik der wol hûndert... Ik koe dan hast net iens sykhelje... Ja, it wie in felle donder hear, dy Willem... Ik fyn alles bêst, mar ik moat wol sykhelje kinne. Mar no ha Willem en ik wat in ferskil fan miening. It wurdt wer winter en dan begiet it wer, no? Ik doch de termostaat wat leger, as ik it waarm krij en Willem... krekt, docht de termostaat omheech. Dat komt omdat er yn 'e winter altyd mar oan ien ding tinkt. En dat is fakânsje. En dan op 'e Kanaryske Eilannen. Mar omdat Willem flean eangst hat... en ik ek, komt it der nooit fan. Mar as Willem ienkear wat yn 'e holle hat, sis mar, dan giet er gekke dingen dwaan. Dan tinkt er echt dat er op 'e Kanaryske Eilannen sit, op it strân. Dan

wol er swimme. Dan set er de ferwaarming op wol tritich graden of heger. Dan is it hjir sa hjit, dat je fansels wol út 'e klean gean. Mar Willem kin hielendal net swimme, dus giet er oefenjen. As ik net thús bin, docht er dat. Op 'e búk. Ik kaam in kear werom fan 't boadskiprinnen, doe seach ik him lizzen, ... Hie 'k him betrape. Lei er te swimslaggen meitsje, sis mar... op 'e bank...

(black-out)

Wat sille wy no ha? Stop trochslein? *(ropt)* Willem?! It ljocht is stikken.

Wêr sitsto? *(it húske wurdt trochspielt)*

Willem: *(fansiden)* Neffens my is it ljocht útfallen. *(ropt)* Truus, it ljocht is útfallen, by dy ek?

Truus: Kin ik net sjen, it is hjir hartstikke tsjuster. Wêr is de bûslamp?

Willem: Wit ik net. Ik brûk myn oanstekker wol. *(brânt him)* Au, myn fikken. Wêr biste?

Truus: By de meterkast. Kom hjir mar. *(sy binne net te sjen, mar wy sjogge wol in lyts flikkerljochtsje fanút de yn en útgong)*

Willem: O, bist hjir. Gean ris wat oan 'e kant. Is dizze goed?

Truus: Nee. Dat is in lamp. Doch fuort dat ding. Ik moat in stop hawwe.

Willem: Is dizze goed?

Truus: Dat is ek in lamp, einekoer! In stop moat ik hawwe, in stop, Willem!

Willem: Hoechst net sa te razen. En dizze?

Truus: Dat is in kers. Gjin oan 'e kant. Oan 'e káhand... *(hy falt op syn stutbonkje)*

Willem: Ja, gean hjir efkes wat sitten te triuwen... Ah, krekt op it stutbonkje, sis, sjonge, jonge jonge...

Truus: Wêr is dy oanstekker no? Is er fallen?

Willem: Nee, ik... Op it stutbonkje...

Truus: Op dyn stutbonkje?

Willem: Ja, en it docht ferrekte sear, witst dat?

Truus: Wês der mar súnich op, dan hâldst it 't langst. Wêr is dy oanstekker no?

Willem: Hjir...

Truus: Wêr?...

Willem: Hjrre!!!

Truus: Sis dat dan dalijs. *(wy sjogge wer it flikkerljochtsje strielen)* Dit is him, tink. Ja, 16 ampêre. Sa hat it sitten, sei beppe en plakte it ear oan 'e pispot. Ien, twa, trije... *(it ljocht giet oan. Willem lûkt krekt syn broek omheech)* Ha wy ljocht?

Willem: Ja, ik kin alles wer sjen, leau 'k... Sjonge, jonge, jonge, sis... it stutbonkje... net te leauwen... hast ek in kessen?

Truus: In kessen? Wêr dat foar?

Willem: Foar myn stutbonkje fansels...

Truus: Op bêd.

Willem: Wat op bêd?

Truus: Do wolst dochs in kessen? Dat leit op it bêd, Willem. Mankearret dy neat oan 'e hannen, wol? Ik wol puzzelje, dêr wie ik mei dwaande, ja...

Willem: Wêrom hasto eins dy kers net oanstutsen?

Truus: Hokker kers?

Willem: (*fansiden*) Net te leauwen...

(Ijocht út yn keamer 1, Ijocht oan yn keamer 2)

Bergsma komt thús mei krekt helle boadskippen. Hy hat eins frij, mar kin altyd, as it nedich is, opropen wurde troch bewenners, om swierrichheden oan en yn 'e wenning te ferhelpen. Kriget ynienen it publyk yn 'e gaten.

Cees: (*sa no en dan wat stammerjend*) Goejûn. Ha jo efkes foar my? Ik bin Cees, mei in C. Cees Bergsma. Wat moai dat jimme der binne. Ik sil der in gesellige jûn fan meitsje, want ik bin frij en ik krij besite. Ik ha dêrom wat lekkere dingen kocht. Sjips. Naturel en paprika. Apenuten, buorrelnútsjes, stokbôle... en in DVD. In hi, in hi... in hiele goeie film. Ik hoopje dan ek, dat ik net steurt wurde sil. Mar ja, dat witte je nea. Ik bin nammentlik de húsmaster fan dizze flat. "De pottenbakkersdreef", hjit it hjir. No, it binne my in stel pottebakkers hjirre... (*slop fan 't laitsjen*) **(Black-out)** Fergeemje. Stop trochslein?! Dat haw ik wer...

(Ijocht oan yn keamer 3)

Clara Tolsma is oan it stofsûgjen. Se sjongt derby. Ferheard kriget se it publyk yn 'e gaten. Docht de stofsûger út. Praat wat oanstellerich en laket hieltyd. Tsjin it publyk.

Clara: Goeie... Ha jo efkes foar my? Ik bin Clara Tolsma. (laket) Wat moai dat jimme der binne. Sil ik jim in geheimke ferklappe? Ik krij jûn besite. En dêr ha 'k wakker sin oan. Ik ha nammentlik in advertinsje set. In kontaktadvertinsje, yn 'e krante. Ik bin op 'e siik nei in partner... (*laket*) En ik ha foar it earst yn myn libben ek in eskortburo belle. Ik

fyn it sa ferskriklik spannend. (*laket*) Mar wit je wat no it aller spannend is? Dat ik twa wachtwurden ûnthâlde moat. Wit je hokker? “Kanaryske Eilannen”... Dat seit dan dy persoan. En dan moat ik sizze: ja, ik soe krekt te swimmen. (*prûst it út*) Yn ‘e winter... (*laket*) Dat leauwet dochs nimmen?... En yn ‘e advertinsje, ha ik itselde ôfpraat... (*laket*) Goed, hé? Dus ik bin no mar oan it stofsûgjen, want dêr wie ik seis wike al net oan ta kaam en ik ha al san tsjinslach hjoed... Myn goatstien sit ferstoppe. Ik wie de miny dopearten oan it ôfjitten en pleng, dêr fleach it deksel fan ‘e panne en hup dêr gongen myn dopearten. Sa de goatstien yn. Ik ha my dea wrotten mei dy ûnstopper. Wat in wurk, sis... (*docht it foar*) Bof, bof, bof, wit jo wol? Dan giet dat sa op en del en sa... (*laket*) No, dêr waard ik dus deawurch fan en doe bin ik mar opholden. Bin ik mar begûn te sûgjen. Mar ik fyn it moai dat jimme der binne. Echt wier...

(Ijocht út yn keamer 3, Ijocht oan yn keamer 1)

Willem en Truus sitte by de tafel. Sy puzzelt en peuzelt en hy krantlêst. In tsjerketoer slacht seis oere.

Truus: Hoe let is it, heit?

Willem: De klok hat krekt slein, mem...

Truus: O, ja? Hoefolle kear?

Willem: Seis.

Truus: Dan is it dus seis oere?

Willem: Dêr gean ik wol fan út, ja. (*fansiden*) Net te leauwen...

Truus: In oar wurd foar foarinoar?

Willem: Klear?

Truus: Nee, klear is mei fiif letters, dit is mei njoggen. Het begjint mei in a.

Willem: Net mei in e?

Truus: Nee, mei in a. Oars hy ik wol sein it begjint mei in e.

Willem: Dan wit ik it net...

Truus: Witst ek in oar wurd foar mûzen?

Willem: Hoefolle letters?

Truus: Tsien.

Willem: Dan wit ik it net... Ik lêst hjir trouwens: eskort is in hype. Wat is dat, mem, in hype?

Truus: Dat besjut, dat it yn is.

Willem: Wat is yn?

Truus: Eskort, heit.

Willem: Wat is dan eskort?

Truus: Dat se op in skooter, pizza's by dy thús bringe.
 Willem: O... *(koarte stilte. Synysk)* Do hast de ferwaarming wer leger set, hé?
 Truus: Nee...
 Willem: It is hjir oars ferrekte kâld...
 Truus: Ik ha it waarm, heit...
 Willem: En ik ha it kâld, sis ik krekt.
 Truus: It is hjir lekker, sa... *(koarte stilte)*
 Willem: Do hiest it gas ek wer brâne litten.
 Truus: In oar wurd foar eksploazje? K-k-k-k...
 Willem: *(begjint him hieltyd mear op te winen. Lit de krante sakje. Under de kommende tekst docht er sûker op it aai en sâlt yn 'e tee)* It gas baarnde noch, wyls der neat op it fjoer stie. Hjoed of moarn giet de hiele flat nochris de loft yn. Alles barst út inoar, troch ien grutte...
 Truus: *(bliid)* Knal.
 Willem: Krekt ja. Knal.
 Truus: Ha ik al.
 Willem: Ik moat der net oan tinke, sis. Knal...
 Truus: Dy ha ik al, do bist dochs net dôf wol heit?
 Willem: Dêrnei hearst neat mear. *(nimt in hapke fan syn aai)* Getfer... *(nimt gau in slokje tee)* Ah... *(prûst alles út)*
 Truus: *(as wie der neat oan 'e hân)* Net lekker fiele?
 Willem: Ik fiel my net goed, leau 'k...
 Truus: Z-z-z-z... Mis-lik...
 Willem: Ik leau dat ik mislik wurd...
 Truus: Ha ik al.

(Ijocht út yn keamer 1, Ijocht oan yn keamer 2)

Bergsma set wat bakjes op tafel en in glês. Docht de DVD al fêst yn de rekorder. Docht de telefysje oan, mar set it lûd noch efkes út. Smyt de ôfstânsbetsjinning op 'e bank. Hy hat in goed sin en sjongt in ferske. Folt de bakjes mei nûtsjes en sa. Hellet syn piama. Begjint him út te klaaien.

(Ijocht oan yn keamer 3)

Clara stiet de goatstien te ûntstopjen mei in fierstente lytse ûnstopper.

Clara: Hu, hu, hu. Bof, bof, bof. Ha, ha, ha. Ga, ga, ga... *(it slagget net)*
 Nochris... Hu, hu, hu. Bof, bof, bof. Ha, ha, ha. Ga, ga, ga... *(hâldt er mei op)* Ik jou it oer. *(rint nei de telefoan)* De húsmaster mar efkes

belje. Dit is neat sa... *(Bergsma stapt krekt yn in broekspiip fan syn piama as de telefoan giet. Hinket der nei ta. Clara, yn keamer 3, freget har ôf, oft se it goeie nûmer wol draait hat. Leit de telefoan del)*

Cees: *(nimt op)* Mei Bergsma. Hallo? Hallo? *(leit de telefoan del en lûkt syn piama oan)* Geintsje seker...

Clara: Wie it no 126347, of, ach nee, fansels net. Dat is myn eigen nûmer. *(laket)* Nochris... *(Bergsma nimt wer op)*

Cees: *(fansiden)* Dit is net leuk... Mei Bergsma...?

Clara: Mei Kees Bergsma?

Cees: Ja, mei in C...

Clara: Makket neat, hear, Bergsma. Sorry dat ik jo steur, mar myn ôffier fan de goatstien sit ferstoppe. En no... Hallo? Hallo?

Cees: *(fansiden)* Dat is Truus, hear. Fan hjirneist. Dy hâldt my altyd foar 't lapke, as ik frij bin. Deftich prate en sa... En mar tinke dat ik neat yn 'e gaten ha. Mar dizze kear... *(wer yn 'e telefoan)* Jo ôffier seine jo...

Clara: O, dêr binne jo wer. Ja, myn ôffier. Fan de goatstien...

Cees: Fan de goatstien?

Clara: Fan de goatstien, ja. En no soe ik jo freegje wolle...

Cees: Dêr binne jo wis fan?

Clara: Fansels. Oars soe ik jo net belje...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto